

## Jierferslach 2012 (april 2012-april 2013)

### Bestjoerssaken

2012 hawwe we mei 6 minsken it bestjoer fan Doarpsbelang foarme

Dirk Kuperus,	foarsitter,	Douwestritte 18,	tel 559659
Durk Hoekstra,	skriuwer,	Tsjerkebuorren 36,	tel 559845
Marcel Hooghiemstra,	ponghâlder,	Bregefinne 8a,	tel 559025
Sipke Epema,	algemien lid,	P.Walmastrijtte 14,	tel 559275
Martine de Rijke,	algemien lid,		
Henk Yntema	algemien lid,	Broerstrjitte 27,	tel 559861



Dirk



Durk



Marcel



Sipke



Martine



Henk

Healwei 2012 is Martine ophâlden, sadwaande is der noch 1 plak fakant.

### Wolwezen



#### Himmeldei

Himmeldei is ek dit jier wer fersoarge troch de fûgelwacht. Mei tal fan skoallebern, frijwilligers en frijwilligers mei boaten hawwe sy it ôffal út it wetter en de reiden fuorthelje, derby waard der dit jier ek flessepost fûn, ûnder oare út Dútslân. Doarpsbelang soarge nei de tiid foar patat en drinken.



#### 4 maaie deadebetinking



Jûns om acht oere is de deadebetinking by de tsjerke fan Twellegea. Learlingen fan groep 8 hawwe gedichten en lizze in krâns. Út namme fan de gemeente is mefrou P vd Akker oanwêzich. Doarpsbelang en de Oranjeferiening lizze ek in krâns

### Âlderein middei

Dit jier wer in boatreiske. Oan board waarden sa;n 70 minsken wolkom hiten troch Gerrie Kuindersma en Alberta Feenstra Geartsje Hoekstra en Joop Rypkema fan Kommisje Wolwêzen, fan Doarpsbelang dy't de aktiviteiten foar 55-plussers yn ús doarpen organisearret. Dit jier moai waar, iten en drinken oan board. Op de Toerist V út Snits



### Millennium loop

It bestjoer fan doarpsbelang hat ek dit jier wer as wiksel- en stimpelpost foar de millenniumsloop (estafetteloop) tsjinst dien.

### Jeugd

Begjin 2011 is der oerlis west mei de jeugd fan 8 oant 12 jier fan Top en Twel oer wat se graach hawwe wolle. Hjir oer is yn in byienkomst "harsensstoarme" ûnder lieding fan Timpaan. Út dizze jûn kaam nei foaren dat der ferlet is fan in jeugdhonk, in fuotbalkoai en in skatebaan. It hiele jier 2012 binne we besich west mij gemeente en provinsje om der efter te kommen wat de finansjele mooglikheden binne om beide saken oan te lizzen. Spitich genôch hawwe we in kar meitsje moaten. Wij ha keazen foar de fuotbalkoai yn Twellegea. Dit, omdat der yn Twellegea gjin plakken binne wer dat de jeugd boartsje kin. Yn Toppenhuzen binne bij gelyks 2 boarterstunen en is it foarhalfjild ticht bij. Fjirder is in skatebaan folle djoerder dan in foarbalkoai. Wy binne der yn slagge om de finânsjes fan de fuotbalkoai rûn te krijen. Gemeente, Provinsje en wenningbouferiening Welkom stypje ús derby. It is no it wachtsjen op goedkar fan de gemeente fan it plak dat de bern en wij yn e holle hawwe. Wy hoopje dit foarjier noch los te kinnen, mar dat hinget of fan de fergunnings.

### Winkel



Support &co hat de winkel oernommen, 22 maaie hat der noch in gearkomst west fan de nije eigner en die hat útlein wer hy mei dwaande sil. Pas ein 2012, begjin 2013 sil der pas begjinne mei de oanpak fan de winkel. Yntusken draait de winkel gewoan troch mei de wurknimmers fan Talant. Ein febrewaris is der begûn mei de ferbouwing

## Romte

### Opkreazjen

Doarpsbelang hie al in bankje besteld om by de winkel te pleatsen yn it meat fan it opkreazjen. De nije winkelman woe gjin beam foar syn winkel hawwe, sadwaande hat doarpsbelang it bankje pleatst by it Harspit.

Nei it opkreazjen hat de gemeente noch besluten om de Bou foar in part opnij te straten. Dit is ynmiddels al klear. Ek de dyk ûnder it fiadukt by de tunnel is oanpast.

### Behâld Griene Buffer

De kommisje Griene buffer, Doumastaal en de gemeente wienen it iens oer it grienplan fan "Landschapsbeheer" wat op tafel lei. Yntusken is der in sânbêd oanlein op it plak fan de útwreiding. No docht bliken dat de tekening fan it Grienplan net kloppet mei de wurklikheid. Der is folle minder romte oer foar it grienplan as tocht wie. Der hawwe noch in pear petearen west mei tekeningen fan in minder grienplan as wêr't de kommisje Griene Buffer (en de omwenjenden) mei akkoard wienen. Nei twa gearkomsten mei Landschapsbeheer, griene buffer, omwenjenden en wethâlder Akkerman is der úteinlik (under protest) "Ja" sein tsjin it Grienplan. Der binne mear en dikkere beammen yn it plan kopnommen en it die bliken dat dit it maksimaal haalbaar is. No is it wachtsjen noch op in beheerplan.



### ôfbrekken en nijbou Brêgesleatswei



Yn in gearkomst mei de betrokken bewenners, wer doarpsbelang ek útnoadige wie, kaam Elkien mei plannen om it gebiet efter de brêgesleatswei te belûken yn it plan foar nijbou, (se koenen de grûn miskien keapje) sa soe der mear romte wezen foar nijbou fan de of te brekken huzen en soe der ek romte wêze foar keaphuzen. Doarpsbelang hat har útsprutsen dat dit nijsgjirrich wie om te ûndersykjen, mits yn goed oerlis mei de omwenjenden. Dit is allegear op neat útrûn en de huzen wurde no ôfbrutsen en op it selde plak komt nijbou.

*Leste nys, ein maart: Elkien moat besunnigje en de hiele saak giet net troch!*

### A7 130 km sône



Doarpsbelang hat kontakt socht mei Rykswettersteat oer de feroaring fan 120 nei 130 km/h op de A7. Derby neamend oerlest fan gelút, fijnstoffen, ôfstân tot de skoalle, ôfstân tot de ticht bysteande huzen. Natura 2000 wêr't de dyk troch raast. Op alle flakken foldocht dit oan de tastiene noarmen, seit Rykswettersteat.

### Brêge oer it Ges

Yn 2012 hat de brêge krek as oare jierren draait. Dit jier wienen der minsken warber yn it doarp dy't 'steuringstsjinst' hienen. Se binne ynstrueert om by steuring de brêge sa gau mooglik wer tichte setten dat ferkear (helptsjinsten) wer troch gean kinne. Dit is tige goed ferrûn en sil dit jier ek wer sa troch gean.



### Kommunikaasje

Der is dit jier net folle te melden west. De gemeente hat gjin jild en de molens yn de nije gemeente SWF draaie hyl langsum. Sels meldingen oer beame kap en reparaasje fan diken moatte wy op topentwelonline.nl lêze. Dat nimt net wei dat de gemeente op tal fan plakken harren best wol dien hat. It ûnderhald fan it grien (beammen) en de diken lizze der wol goed bij.

### Finânsjes

.

#### Finansjeel jierferslach 2012

##### Ynkomsten

##### Ytjeften

Opbrengst Skou	€ 338,45	ytjeften skou	€ 1.115,94
Kontributies	€ 2.229,00	Paadwizers	€ 64,02
Subsydzje	€ 630,00	Ofdracht lisjild	€ 1.336,52
Lisjild Gemeentelijke lisplakken	€ 3.379,90	Lisjild Gemeentelijke lisplakken	€ 73,50
Kontr./ heffing / stipe	€ 1.000,00	kontr. / heffing / stipe	€ 4.457,55
Alderein middei	€ 975,00	Alderien middei	€ 1.999,45
Rinte sparrek.	€ 446,94	Harspit vergadering	€ 433,31
		Administrasje kosten	€ 431,23
<b>Totaal</b>	<b>€ 8.999,29</b>	<b>Totaal</b>	<b>€ 9.911,52</b>
Begjin saldo bank	€ 5.126,05	Einsaldo	€ 4.842,38
sparrekening	€ 26.428,56	sparrekening	€ 25.800,00
Totaal begjin saldo	€ 31.554,61	Totaal einsaldo	€ 30.642,38
		Ferskil oer	€ 912,23

#### Ferslach kaskommisje

folget

## **Slotwurd**

Oer it algemien is Doarpsbelang op it heden wat yn rustige farwetter kommen. De grutte projekten binnen earst efter de rêch. Allinnich de fuotbalkoai foar de jeugd kjellet ferskrikkelik swier. De bal far de koai leit bij de gemeente. We sille ôfwachtsje moatte wannear der gemeente in foarset jout. It is ferskrikkelik spytich dat de jeugd die 't de fuotbalkoai oanswingele hawwe miskien al te âld binne om de yn te foutballen. Hawar, dan kinne harren bern der wierskynlik noch wol yn fermeitsje en is it net foar niks west. We sille sjen hoe't it komt.

Fjirder geane we gewoan troch. Mocht der immen wêze die't ideeën of opmerkings hat foar en oer it doarp, dan binne dizze altyd wolkom. We moatte it úteinlik mei-elkoar dwaan.